

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

| |
|--------------------------------|
| Yntsjinner: FNP, Sijbe Knol |
| Mei-yntsjinner(s): |

| | |
|--------------|--|
| Moasje nr. | |
| Paraaf | |
| Wurklistpunt | |
| Beslút | |

MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

| | |
|--|-----------------------------------|
| Steategearkomste | 25 maaie 2022 |
| Wurklistpunt | 09. Omjouwingsferoarding |
| Koarte titel fan de moasje | Fryske regy yn de romtlike oarder |
| <p>De Steaten, yn gearkomste byinoar op 25 maaie 2022</p> <p>heard hawwende it berie;</p> <p>konstatearjende dat</p> <ul style="list-style-type: none">• it kabinet op 17 maaie yn in brief oan de Twadde Keamer¹ skriuwt dat it Ryk de regy yn it romtlik domein oan him lûke wol, omdat it kabinet in grutte ferbouwing fan Nederlân foarstiet, dy't yngripjende konsekwinsjes hawwe sil foar hoe't lânskippen, stêden en doarpen (wer-)ynrjochte wurde;• it kabinet dêrfoar de besteande Nasjonale Omjouwingsfyzje NOVI oanskerpe wol;• de provinsjes de opdracht krije om fan 1 oktober 2022 ôf de nasjonale programma's yn te passen yn it provinsjale belied, dat soks op 1 july 2023 dúdlik wêze moat en yn oktober 2023 wjersidige ôfspraken per provinsje makke wurde;• foar in tal gebieten, wêrûnder yn Fryslân it NOVEX-gebiet Lelyline-Deltaplan, in yngripjende gebietsrjochte regy op de bestimming en werynrjochting foarsjoen wurdt;• dat it kabinet syn nasjonale beliedsdoelen mear ferankerje wol yn binende regeljouwing en by it trochsetten fan syn plannen sterker gebrûk meitsje wol fan juridyske ynstruminten; <p>oerwagende dat</p> <ul style="list-style-type: none">• wy yn Fryslân wend binne om by romtlike prosessen mei ús mienskip, mei gemeenten, Wetterskip en oare belanghawwenden de bêste oplossing foar ús provinsje te finen;• nei in proses fan meardere jierren wêryn't de Fryske mienskip en oerheden yntinsyf belutsen west binne, de Omjouwingsfyzje 'De Romte Diele' op 23 septimber 2020 definityf fêststeld waard;• op basis fan de Omjouwingsfyzje, en nei yngeand oerlis mei en ynspraak fan de Fryske mienskip, de gemeenten en it Wetterskip Fryslân, de foarlizzende Omjouwingsferoarding Fryslân 2022 hjoed yn de Fryske Steaten behannele wurdt;• dat twingende yngrepen fan it Ryk it soarchfâldige proses fan ynspraak en partisipaasje mei ús mienskip fersteurt en de posysje fan ús provinsje ûndergraaft; | |

¹ Keamerbrief 'Ruimtelijke ordeningsbrief' fan it kabinet, 17 maaie 2022;

MOASJE

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- oan it kabinet dúdlik te meitsjen dat de provinsje Fryslân yn oparbeidzjen mei de Fryske mienskip sels prima yn steat is om te soargjen foar in goede romtlike oardering en foar it úfieren fan de romtlike opjeften binnen ús provinsje;
- by it kabinet oan te jaan dat de provinsje Fryslân best in bydrage leverje wol oan grutte opjeften, mar dat wy dat op ús eigen wize dogge en binnen ús eigen kaders;
- kontakt op te nimmen mei oare provinsjes dy't der krekt sa oer tinke en mei-inoar op te lûken om twingende yngrepen fan boppe-op foar te kommen;
- binnen it IPO dúdlik oan te jaan dat der, njonken de mienskiplike stânpunten dy't it IPO út namme fan de provinsjes útdraacht nei t Ryk ta, foldwaande romte wêze moat foar in spesifyk omjouwingsbelied dat past by wat de ynwenners fan de ôfsûnderlike provinsjes wolle;

en geane oer ta de oarder fan de dei

| | |
|---------------|---------------------------------|
| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hantekening) |
| | FNP, Sijbe Knol |